

NIJSBRIEF

Sjoch foar nijs yn it Frysk: ItNijs.frl



Ried fan de
Fryske Beweging

Bûterhoeke 1 - Postbus 2637, 8901 AC Ljouwert
www.fryskebeweging.frl - ynfo@fryskebeweging.frl

Achte lêzers,

Ljouwert, desimber 2022

Hjirby de fjirde nijsbrief fan 2022 om jim by te praten oer de aktiviteiten fan de Ried.

Bestjoer Ried fan de Fryske Beweging

Nij Beliedsplan sintraal yn Grutte Ried

Wy koene 27 oktober in moai sealtsje fol minsken wolkom hjitte yn doarpshûs Nij Franjum te Marsum op ús healjierlikse Grutte Ried. Dat is de gearkomste fan it deistich bestjoer fan de Ried fan de Fryske Beweging mei stipers en fertsjintwurdigers fan de oansletten organisaasjes.

Sa't wizânsje is op de Grutte Ried docht it deistich bestjoer ferslach fan syn aktiviteiten. De oanwêzigen waarden û.o. bypraat oer ús digitale krante It Nijs, oer plannen op it mêd fan de sosjale media, oer it Bûsboekje, de Fear en de Plombrieven, de ynternasjonale kontakten fan de Ried, de Fedde Schurerlêzing, ús Politike Kommisje (de POK) en oer petearen dy't we mei dizze en jinge fierd hawwe. Alles yn it belang fan de Fryske taal fansels.

De Ried siket al skoften om in nije foarsitter. Pier Bergsma hat april 2022 ôfskied nommen en sûnt dy tiid hat ponghâlder Arjen Dijkstra mei in soad enerzjy de funksje fan waarnimmend foarsitter ferfolle. Ús syktocht giet fierder, mar gelokkich koene we ús nije bestjoerslid Reinder Reitsma dizze gearkomste beneame ta ynterim-foarsitter.

Sintraal stie dizze Grutte Ried it konsept-beliedsplan dat it deistich bestjoer yn diskusje joech oan de oanwêzigen. Yn april fan dit jier is besletten om te ûndersykjen wê't it mei de Ried hinne moat. Mei sawat alle oansletten organisaasjes binne dêr ek noch ien-op-ien petearen oer fierd. De útkomsten binne yn in konsept-beliedsplan 2023-2027 opnommen. De presintaasje makke aardich wat diskusje los. Yn de missy fan de Ried koe elk him wol fine. De Ried fan de Fryske Beweging wol de lykberjochting, lykwaardigens en sichtberens fan de Fryske taal en kultuer befoarderje. Mei de klam op de Fryske taal. It bestjoer fan de bewegingsried freget him lykwols ôf, oft de Ried wol in aksjegroep of tsjimbeweging wêze moat. Dat stânpunt joech opskuor.

De haadpunten fan de diskusje oer it beliedsplan:

- aksjebeweging/tsjimbeweging: dat punt soe oars formulearre wurde moatte, want aksjes moatte net útsletten wurde.
- autonomy: om sa'n stribjen as taak fan de Ried te sjen is net elkenien yn de gearkomste foar, yn elk gefal is der gjin ienriedigens oer de foarm.
- kommunikaasje mei de Friezen (ek oer de lânsgrinzen hinne): dêr moat de Ried mei oan de slach.
- advysried/grutte ried: advisearje tsjinoer de mooglikheid om mei te stimmen; it bestjoer tinkt dat troch in advysried en in mear selsstannich bestjoer de slachkrêft fan de Ried fergrutte wurdt.

Elkenien dy't noch beswieren tsjin it ynstellen fan in advysried hie of wizigingsfoarstellen foar it konsept-beliedsplan dwaan woe, koe him noch oant 5 desimber oppenearje. Dêrnei wurdt it beliedsplan oan de foggjende Grutte Ried yn maaie foarlein om fêst te stellen en kin it ferwurke wurde yn in karbriefwiziging. Dy karbriefwiziging moat dan troch de Grutte Ried goedkard wurde.



Ried fan de
Fryske Beweging

It SFBO makket him al sûnt de njoggentiger jierren tige fertsjinstlik as ynformaasje-, kennis- en stipepunt op it mêd fan meartaligens en taalstimulearing yn de foarskoalske perioade. Fan de 400 pjutteboartersplakken yn Fryslân wurkje hjoed-de-dei sa'n 275 mei in formeel twatalich belied en dat tal wurdt noch alle jierren heger. Mei tank oan it SFBO komme bern al jong mei it Frysk yn oanrekking. Dat is namste wichtiger omdat bern taalidentiteit ûntwikkelje as se likernôch 3,5 jier binne.



Underskrift foto: f.l.n.r. direkteur SFBO Sytske de Boer, sekretaresse Johanna Zaagmans en ynterim-foarsitter fan de Ried Reinder Reitsma.

Fedde Schurer-lêzing

De Fedde Schurerlêzing is in inisjatyf fan de Ried fan de Fryske Beweging yn gearwurking mei Tresoar, de Fryske Akademy en de Leeuwarder Courant. Ynhâldlik wurdt stribbe nei in syklus fan ûnderwerpen dy't te krijen hawwe mei Fryslân en it libben en wurk fan Schurer. Diskear wie it tema *Oer Wurkje, Wenje, Wyn: wat moat wêr yn Fryslân?* Sprekkers wiene Ryksboumaster Francesco Veenstra, deputearre Avine Fokkens en FNP-fraksjefoarsitter Sijbe Knol. De stânpunten fan Fokkens en Knol oer de Lelyline lizze fier útinoar. In ferslach fan de lêzing is te finen op itnijs.frl. Dêr steane ek de teksten fan de lêzingen sels.



DE NIJE hâldt op

De ôfrûne jierren hat de Ried sels foar de finansiering fan DE NIJE soarge. Dêrtroch hat de Ried de lêste jieren in tekoart fan mear as € 20.000 yn it jier op de begrutting. Ferskate kearen is besocht om finansiering te krijen by de provinsje. De ôfrûne trije jier (2020, 2021 en 2022) is in moai produkt delset troch in groep belutsen frijwilligers. Dêr leit de twadde oast by it fuortbestaan fan DE NIJE: de ôfhinklikens fan frijwilligers is eins te folle om bliuwend in kwalitatyf goed produkt út te bringen. Fan 2023 ôf bringe wy dêrom net mear elk fearnsjier in DE NIJE út. Wol is it doel om elk jier by de Fedde Schurerlêzing in glimmer te meitsjen. De nijsbrief stjoere wy no tagelyk mei DE NIJE. Wy tinke noch nei oer hoe't wy dat oar jier dwaan sille. Ynkoarten ynformearje wy de abonnees oer it ophâlden fan DE NIJE.



it lêste nûmer fan De Nije!

Brief nei Committee of Experts

As Ried fan de Fryske Beweging hawwe we in brief stjoerd oan it Europeeske Committee of Experts (CoE). Dêr hawwe wy dizze simmer in petear mei hân. Dy brief giet oer saken dy't misgeane mei it Frysk ûnderwiis (draachflakonstruksje en ûntheffingensysteem). Koartsein komt it derop del, dat de Friezen diskriminearre wurde, om't bern ûnderwiis yn de Fryske taal ûntsein wurdt of it har dreech makke wurdt om Frysk te learen. It CoE wurdt frege om help. De brief is yn ôfskrift nei tal fan ynstânsjes en lanlike en provinsjale politisy stjoerd.



FUEN-kongres yn Berlyn

Fan tongersdei 29 septimber oant en mei sneon 1 oktober hold de FUEN yn Berlyn syn jierkongres. Mear as twahûndert minsken fan sa'n 25 nasjonaliteiten kamen byinoar om te praten oer problemen en oplossingen. Pier Bergsma wie dêr as de fertsjintwurdiger fan de Ried fan de Fryske Beweging. Hy wie útnûge om in ferhaal te hâlden oer de taalsituaasje yn Fryslân en wat wy hjir dogge. Hy hat dat mei inkele praktyske foarbylden besocht dúdlik te meitsjen. In wiidweidich ferslach fan him is te finen op itNijs.frl fan 6 oktober 2022.

Yn petear

Net allinnich mei de by de Ried oansletten selskippen ha we de ôfrûne tiid om de tafel sitten, mar ek mei inkele oare ynstânsjes.

EBLT

Mei it Europeesk Buro foar Lytse Talen (EBLT) ha we no twa kear oerlis hân oer saken dy't ús bine en wêryn't we faaks mei-inoar oplûke kinne, mooglik ek yn gearwurking mei Mercator. Dy petearen hawwe fan beide kanten goed foldien. By sawol it EBLT as de Ried binne in flink tal, foar in part deselde, organisaasjes dy't har mei it Frysk dwaande hâlde, oansletten.



Keunstwurk

Taal makket neffens ús in wichtich ûnderdiel út fan kultuer. Om't Keunstwurk de belangen behertiget fan de Fryske keunst en kultuer, mar yn syn kommunikaasje amper Frysk brûkt, ha we dêr in petear oer hân mei direkteur Douwe Zeldenrust. Wy koene it spitigernôch net iens wurde. Zeldenrust sjocht yn syn personielsbelied allinnich nei kwaliteit en kennis fan syn wurkfjild. It al of net behearskjen fan it Frysk spilet foar him gjin rol. In oplossing soe neffens him wêze kinne om Fryske kursussen fergees troch de provinsje beskikber te stellen. Dat idee slút oan by ús nije beliedsplan: De Ried wol oansette ta mienskiplike Fryske Afûk-kursussen fan bestjoersleden fan de ferskillende oansletten organisaasjes. Sa kinne minsken mei-inoar de kennis fan it Frysk opfrisse. Dan snijt it mes oan twa kanten: minsken yn it kader leare wer Frysk te skriuwen, wêrtroch't it Frysk mear brûkt wurdt yn uteringen fan organisaasjes en dêrneist wurdt boud oan it netwurk.

KEUNSTWURK

Afûk

No't der in grutte mbû-fúzje yn Fryslân kommandewei is, is it saak om goed wach te wêzen op it plak dat it Frysk yn dy opliedingen krijt. Ut ûndersyk hat bliken dien dat de measte mbû-studenten graach yn Fryslân bliuwe wolle. Behearsking fan it Frysk is dan fansels net allinnich in pree, mar soe in eask wêze moatte. De Afûk sit der boppe op om foar it Frysk it plak te beskreppe dat nedich is en wy hawwe as Ried oanbean harren dêrby te stypjen troch mei brieven ekstra druk út te oefenjen. Dêr wiene se tige wiis mei.



Bernlef en Multi

Fanwege de nuodlike situaasje oangeande de stúdzje Frysk en it net beneamen fan in nije heechlearaar yn Grins ha we de Fryske studinten yn Grins nochris oproppen en stipe oanbean om yn Grins aksje te fieren tsjin it belied fan de ferantwurdliken by de RUG.



Oankommende saken



BFTK 2024-2029

Der wurdt troch it Ryk en de provinsje Fryslân wurke oan in nije BFTK (Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer). Dêryn wurde ôfspraken fêstlein tusken it Ryk en de provinsje Fryslân. Dy Bestjoersôfspraak wurdt elke fiif jier fernijd, de no jildende rint yn 2023 ôf. De provinsje praat der as tarieding ek mei 'it fjild' oer. Ynkoarten krije we fan de provinsje in útnûging foar in petear dêr't we ús stânpunten yn oanjaan sille.

PR- en kommunikaasjeplan


In wichtich punt yn it nije beliedsplan is de kommunikaasje mei de achterban en it grutte publyk. Dat kin en moat better. Troch ús bestjoerslid Simen Hofman wurdt wurke oan in plan foar de kommende jierren. Wy krije dêrby help fan Lútsen Kooistra, as adviseur fan it bestjoer.

Provinsjale steateferkiezings

Op woansdei 15 maart 2023 binne de ferkiezings foar de Provinsjale Steaten. De Ried hat by de programkommisjes fan partijen dy't meidogge oan de ferkiezings in tal fan wichtige punten oer de Fryske taal ynbrocht. Wy folgje wat der fan dy punten telâne komt en sille dêr fia ús eigen mediakanalen ek omtinken oan jaan.

Oerlis Steatekomitee útsteld

Sa't we yn de foarige nijsbrief oankundigen, soe de Ried op 28 septimber op besite by it Steatekomitee Frysk. It wie as spile de duvel dermei, want it iene nei it oare bestjoerslid fan de Ried moast ôfheakje. Oarsaken: sikehûsbesite, koroana en treinsteurings. It sil no wêze op 15 febrewaris 2023.



www.fryskebeweging.frl

